

It himelsk oerwurk: oade oan stjerrekundige Arjen Roelofs

FD 13.10.2007

k


troch Gerbrich van der Meer

Neffens Adrie Warmenhoven, direkteur fan it Eise Eisinga planetarium stapten der yn de achtjinde ieu yn Fryslân ferskillende 'boereprofessors' om, yntelligente boeren dy't yn it waar en de stân fan de planeten bestudearren yn it belang fan de buorkerij. Ek wie ne sy op de hichte mei de lânmjitterij. Sokke tûke autodidakten hiene gauris kontakt mei wittenskippers fan de universiteit yn Frentsjer. Ferneamd is Eise Eisinga, de astronoom en bouwer fan it planetarium yn Frjentsjer. Mar ek tiidgenoat Arjen Roelofs (1754-1828), boer en stjerrekundige út Hijum/Aldeleie, wie yn dy tiid in begryp. Skriuwer Durk van der Ploeg makke dy man haadpersoan fan syn histoaryske roman *It himelsk oerwurk*.

Arjen Roelofs is noch mar in foech jonge fan in jier as alve as er mei syn bruorren Albert en Piter ta de nacht út en yn waar en wyn it himelsk oerwurk fan de 'Grutte Horloazjemaker' bewûnderet. Se meitsje berekenings om it ûnsichtbere sichtber te krijen. Pake, de heit fan mem, is harren grutte foarbyld. De kiker fan pake, dy't op it omkaft in plakje kriegen hat, lûkt jonkje Arjen ûnwersteanber oan. Hy kin it net litte en helje de kiker tusken it leedgoed wei. Hy sil en moat de stjerren sjen troch in fergrutglês.

De yntrinsike motivaasje wie grut, soene wy no sizze. Lykas by syn oare twa bruorren stiet alles yn it teken fan stjerren, planeten en spegelmikroskopen. „As er dêr oeren siet te slyppen foel alles om him hinne wei, en koe er himsels kwytretse oan de kosmos fan syn ferbylding.” (s. 97) Mar heit hat it net op dy keunsten fan syn soannen stean. Hy kin Arjen net méar reitsje as dat er op in stuit-dwers troch alles hinne-slyptafel en draaiskiif oan barrels slacht, linzen en mjitapparatuere meinimt.

Brutsen rint Arjen as in libbene deade om. „Heit hie yn him ferneatigje wolle, dat net te ferneatigjen



Durk van der Ploeg. Foto: Frans Andringa

wie,” lêze we op side 54. Gelokkich witte Albert en Piter him mei in besite oan de Ljouwerter merke der wer by te skuorren.

Troch in lokkich (!?) tafal kriget Arjen in ernstige simmerkwaal, dêr't er in spitsfoet oan oerhâldt. Boer wurde sit der net mear yn. Sa kriget Arjen de gelegenheid him hielendal op de stjerrekunde te stoarten, oaren te ûnderwizen en berekenings te meitsjen foar hieltyd gruttere teleskopen. De boereprofessor bout -ek bûten Fryslân- yn de rin fan de jierren in grutte rippetaasje op.

Yn It Himelsk oerwurk, dat opdield is yn trije Boeken en in

Neispul, krije wy in ynkringend byld fan Roelofs. De bejeftige man is mei syn berekenings syn tiid fier foarút. Mei syn broers foarmet er in hecht team. Mar nei de dea fan syn kompanjons is er oanwiisd op syn learling Sieds Jehannes Rienks, in boeresoan dy't -yn tsjinstelling ta de master sels- alle romte en tiid krigen hat fan syn heit om him te ferdjipjen yn de stjerrekunde. Rienks ûntjout him ta in karriêrejeier dy't de teleskopen bijneed fuort jout oan promininten om sa hegerop te kommen. It 'netwurkjen' griist Roelofs oan, dy't neat oars wol as de boude teleskopen brûke om sa fier mooglik yn it hielal troch te kringen. „[

ik bin net in man dy't him op 'e romte jout. Ik garje my in wrâld fan witten yn it laad. Dêr bin ik lokkich mei”, skriuwt Arjen op side 430 yn syn deiboek. Wittenskipper Arjen en karriêrejeier Sieds wurde hieltyd mear inoars tsjinpoalen. Troch wurk en doel bliuwe se lykwols ta elkoar feroardiele. Yn syn werom lutsen libben op de buorkerij priuwt Roelofs hiel inkeld it woldiedige fan freonskip. Hy genietet folop fan de pear petearen mei Camper dêr't se yn besykje it ferburgene filosofysk en theologysk in plak te jaan. Yn syn deiboeken fine wy dy filosoof ek werom. Wat is stúdzje meitsje fan it hielal oars as eufory en ûnmacht? slút er op 14 desimber syn deiboek ôf (s.278). Yn syn meteorologyske deiboeken leare we him kennen as in fanatyk waarnimmer en sekuer mantsje. Net allinnich datum, tiid, sinnestân, moannestân, temperatuer, wyn en wyndruk leit er fêst, sels de lechselfan 'e hinnen skriuwt er alle dagen trou op yn it aaiskrift. (s.324). Foar de heit fan Arjen sil de lêzer gjin sympaty krije. Hy is in sjamme en stiet oant syn dea de ûntjouwing fan syn soannen yn it paad. Wa't dizze man is, krije wy net rjocht sicht op. It Himelsk Oerwurk hie oan djipte wûn as de lêzer mear ynsoch krigen hie yn syn bewechredens, syn wrâldbyld, dêr't er fêst net allinnich yn stie.

Barok

Van der Ploeg en mánse romans, dat heart by elkoar. Ek yn It Himelsk Oerwurk beskriuwt Van der Ploeg it deistige bestean fan syn haadpersoanaasje yn syn tiid wiidweidich. Té wiidweidich sizze in soad kritisy. In generaasjeferskil? Yn alle gefallen liket Van der Ploeg der net om te maken. De skriuwer bliuwt it tempo fan syn personaazjes en syn eigen barokke styl fan skriuwen trou. „By Stiens kamen se op 'e grutte wei en waarden mei oare fuotgongers opnommen yn de drokte fan seazen, brikjes, faitonnen, ruters, boereweiens mei bûter en tsiis, en boerefeinten

mei allerhande soarten lyts- en grutfée, ornearre foar de merk.” skriuwt er op side 159. „Se foegen har tusken [...]” en dan folget der in twadde searje beskriuwing. De lêzer kin syn eigen ferbyldingspotinsje op in sêft sin sette, hoecht him allinnich mar meidriuwe te litten op de tige konsensieuze ferbyldingsgeast fan de skriuwer. Trochdat Van der Ploeg kiest foar wiidweidige beskriuwing is de gong fan it ferhaal leech. Hat de lêzer de rêst om dat tempo te folgjen en by it momint te bliuwen, dan falt der in soad te genietsjen. Hâldt de lêzer lykwols fan mear feart yn it ferhaal, dan sil er dyselde beskriuwing erfere as dat Van der Ploeg him der yn ferliest.

It is in wûnder hoe't Van der Ploeg him hieltyd op 'e nij ferdjipet yn de professy's fan syn haadpersoanen en him it jûste fakjargon eigen makket. Gjinnikelde konsesje docht er oan it -hast per definysje- beheinder taalbegryp fan de lêzer. Lykas yn syn oare boeken kiest Van der Ploeg derfoar de Fryske taalrykdom foarop stean te litten. De lêzer moat him der mar mei rêde. It Fryske taalspektrum rekt er ta it uterste op. Dêrmei is dizze roman lykas eardere wurken ien en al taalmonumint wurden.

Mar it is ek in monumint wurden foar alle minsken dy't in passy hawe en dêrfoar libje. Wa kin dat better beskriuwe as in ervaringsdeskundige? Van der Ploeg syn passy foar it skriuwen ken gjin ein. Lykas Arjen Roelofs is de skriuwer gjin finer, mar in siker dy't yn de foarm en yn hâld fan syn skriuwen syn swetten oan ien tried wei troch ferlizze wol.

Nei it lêzen fan It Himelsk oerwurk sil de himel noait mear itselde wêze. It -foar my atleast- abstrakte firmamint hat hiel wat mear kleur en foarm krigen troch dizze histoaryske roman. En dat is Van der Ploeg syn fertsjinste.

It Himelsk Oerwurk, Durk van der Ploeg, Friese Pers Boekerij, 2007, priis: 24,95